



DNA-ÛNBEEKEND!

(DNA-onbekend)

Blijspul yn trije bedriuwen

troch

NICO TORRENGA

Fryske oersetting fan

Griet Reitsma-de Jong

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DNA-ÛNBEKEND! - DNA-ONBEKEND** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NICO TORRENGA** en vertaler: **GRIET REITSMA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

© 2025 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, generale repetities, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,

E-mail: rechten@toneelfonds.be. Telefoon (03)3.66.44.00.

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

Stien Slijkstra-Kremer - 70-80jr

Gerrit Kremer - har broer, 60-70jr

Martha Soer-Slijkstra - skoansuster, 60-80jr

Hilbrand Soer – soan fan Martha, 20-40jr

Alie Pieterman – syn freondinne, 20-40jr

Rosa - thússoarch, 20-50jr

Harma – húshâldlike help, 20-50jr

Peter de Vries - buorman

DEKOR:

It toaniel is in gewoane wenkeamer. Rjochts en links in doar en yn 'e achterwand sit in rút. Tsjin 'e achterwand stiet in kastke mei in telefoan en der hinget in âlde klok. Links op it toaniel in ythoeke mei 4 stuollen en rjochts in bankje, in leunstoel en in salontafel.

EARSTE BEDRIUW

(as it doek iepengiet, sit Stien yn har leunstoel by de salontafel. Se hat de kreaze klean oan, mar har skonken binne noch bleat. De klok stiet op 9.45 oere)

STIEN: *(gewoan type, rint muoilik. Hat lêst fan 'e rêch en is yrritearre)* Wêr bliuwt dat fanke fan 'e thússoarch toch... *(sjocht ta it rút út)* Ik ha fergemy ferline wike al trochjûn dat ik hjoed op 'e tiid klear wêze woe. De taksy kin hjir elk momint foar de doar stean en ik haw de hoazzen noch net iens oan... En myn broer komt ek wer ris net opdaagjen... Tsjonge, jonge, it is ek altyd itselde. *(op 'e achtergrûn ropt Harma 'folk')* Kom mar fierder, hear!

HARMA: *(hastich links op, fleurich type)* Goemoarn, frou Slijkstra. Sorry, dat ik wat oan 'e lette kant bin!

STIEN: *(bliid ferrast)* Hoi Harma... Wat in ferrassing! Ik miende datsto op fakânsje nei Tunezië wiest?

HARMA: *(begjint fuortdaliks mei Stien har hoazzen)* Dat wie ik ek, mar nei in pear dagen hie 'k al skjin myn nocht. It is my dêr fierstente hyt... Leave santjin, je switte je dea! Net bêst!

STIEN: Wa giet der dan ek nei sa'n dea en drûch lân? Dat it dêr smoarhjit is hie ik dy fan tefoaren wol sizze kinnen.

HARMA: Och, in mins wol wolris wat oars as in Nederlânsk strân fol mei grouwe Dútsers dy't harren yngrave.

STIEN: *(laket)* Ik socht de grouste der altyd út en dan gong ik dêr neist lizzen... Dan fielde ik my o sa slank! *(beide laitsje)*

HARMA: Och, witte jo wat it ek wie yn Tunezië? Ik fielde my dêr net feilich. Noch net sa lang lyn wie der wer in bomoanslach yn in toeristysk gebiet en ik wol net kontinu om my hinne sjen moatte om wei te dûken foar elke fint mei in rêchsek!

STIEN: Dy bomoanslach wie yn Egypte! Dat wie net iens by dy yn 'e buert!

HARMA: Och, al dy lannen lykje ommers opinoar! Ik wie de hiele dei dea senuweftich. As der ien wat falle liet, dûkte ik al fuort! Ik hie skjin myn nocht en haw it earste bêste fleantúch nei hûs nommen.

STIEN: Ik bin bliid datst der wer bist, Harma! Dat oare fanke fan 'e

thússoarch is myn type net! It is sa'n sweverich gefal dy't ien mei de ierde wêze wol, of sokssawat... Boppedat stelde se my hieltyd fragen oer myn famylje en oer myn Reinder yn it bysûnder.

HARMA: (*ferbaasd*) Jo man? Mar wat giet har dat oan!

STIEN: No, dat fûn ik dus ek! Neffens my doocht se net!

HARMA: (*laket*) No, sit der mar net oer yn... ik bin der wer, dus jo sille har foarearst net wer sjen. Hoe is it mei jo broer?

STIEN: Och, praat my der net fan! Stapelgek wurd ik fan him!

HARMA: Ha jim wer spul hân?

STIEN: Net mear as oars... Ik haw him hjoed noch net sjoen. Hy sil wol wer wat ûnder de lea hawwe. Dy sloppeling hat altyd wol wat! It is in grutte oansteller!

HARMA: Jo broer hat gewoan ferlet fan wat oandacht!

STIEN: Gerrit, ferlet fan oandacht? Doch even normaal, sis... Ferlet fan in skop ûnder syn kûnt, silst bedoele! Hy is sa lui dat er oer syn eigen fuotten stroffelet... Ferlet fan oandacht, seit se!

HARMA: Miskien moatte jo him ris wat positiver benaderje. Wat wit wêr't er ta by steat is! Miskien krijt er noch wol in leuke frou...

STIEN: (*laket*) Gerrit oan 'e frou? Och, ik soe meilijen ha mei de frou dy't dy eare takomt. Mar neffens my gebeurt dat net foardat Peaske op in sneon falt en 'e keallen op it iis dûnsje! (*beide laitsje*) Ast it my fregest koene syn skoanâlden gjin bern krije, ast begrypst wat ik bedoel!

HARMA: (*laitsjend*) Jo kinne it moai fertelle, frou Slijkstra.

STIEN: It is dat ik mem beloofd ha foar Gerrit te soargjen, mar soms wol ik him yn in teekopke fol wetter wol fersûpe! (*suchtsjend*) Deawurch wurd ik fan him. Echt wier!

HARMA: Meitsje jo net sa drok. Dat is net goed foar jo.

STIEN: Sil ik dy ris wat sizze? Ik hie folle leaver in suske hân. Dêr hie ik aardich wat mear wille mei hân as mei dy luie baarch fan in broer, dy't altyd wol wat hat. Elke kwaal komt op it hynder en giet op 'e slak wer fuort! Ik haw ús mem gauris frege oft se wol seker wist dat se mei de goede poppe út it sikehûs kommen wie! (*beide laitsje*)

HARMA: O, hawwe jo justerjûn dat telefyzjeprogramma ek sjoen? It gie oer in man dy't op syk nei syn biologyske âlden. Hy wie as lytse poppe by fersin ferwiksele yn it sikehûs...

STIEN: Nee, dat ha 'k net sjoen.

HARMA: Dat wie yn it programma "DNA-onbekend". It sil dy mar gebeure.

GERRIT: (*ûnfersoarge uterlik, rint muoilik mei in stôk, kontinu begrutlik, kuchend, komt rjochts op, Stien groetet him net en ergeret har oan alles wat er seit*) Goe.. moarn...

HARMA: (*fleurich*) Goemoarn, Kremer. Alles goed mei jo? (*Stien negearret him en sjocht no en dan nei bûten*)

GERRIT: Och, Harma... Wat sil ik sizze. Alderdom komt net mei laitsjen, hin?!

HARMA: Jo moatte mar sa tinke, Kremer... Der binne in hiele soad minsken dy't net sa âld as jo wurden binne!

GERRIT: Hawwe dy even gelok hân! (*giet al suchtsjend by de tafel sitten*) Wolst net witte hoe't ik my fiel. Alles docht my sear. (*kuchend*) Ik ha opswollen ankels, myn earms fiele sa swier en neffens my krij ik in kielûntstekking of de gryp... (*begrutlik kucheljend, Stien draait mei har eagen*)

HARMA: Der hearsket wol fan alles... Ik meitsje aanst wol even sapke foar jo.

GERRIT: Moai net. Ik bin dy griene dridze fan lêsten noch net fergetten, hear.

HARMA: Och, stel jo net sa oan. Sa'n smoothie is hartstikke sûn!

GERRIT: Smoetie! Dejinge dy't dat betocht hat, meie se ek wol neisjen litte. Wa docht der no spinaazje, boerekoal, pynbeampitten en woartelsop yn in drankje... (*kokhalzjend*) Hoe krijst it yn 'e plasse! Boppedat kin myn mage dat no net ferneare en myn terms al hielendal net! De foarige kear kaam it der fan ûnderen en boppen tagelyk wer út! Ik wit noch dat ik amper op it húske...

STIEN: (*bits*) Ja, sa witte wy it wol!

HARMA: (*synysk*) Manlju binne no ienkear wat kliensearich.

STIEN: (*yrritearre*) Sa is 't mar krekt en dit eksimplaar al hielendal! Freegje mar even oft er ek kofje ha wol!

HARMA: (*sjocht Stien ferbaasd oan*) Jo suster freget oft jo ek kofje ha wolle, Kremer!

GERRIT: Sis mar 'nee!' tsjin myn suster!

HARMA: 'Nee!' Seit jo broer.

STIEN: (*bliuwt bits*) Sis mar tsjin myn broer dat er him ferklaaie moat. Wy krije anst besite en ik wol net ha dat er dan sa suterich yn 'e klean is.

HARMA: (*ferbaasd*) Wat is dit no wer dan? Is it wer ris safier dat jim gjin wurd mei-inoar wikselje wolle?! (*beide sjogge eigenwiis in oare kant út*) En hoe lang duorret dizze komeedzje al? In dei? Twa dagen? Trije? (*beide sjogge skrutten*) In wike? Mar dat is toch net normaal? Wês toch bliid dat jim inoar noch ha!

PETER: (*alternatyf type*) Goemoarn allegearre!

HARMA: Hoi Peter, alles goed?

PETER: Ja hear. En hoe is 't hjir?

HARMA: Praat my der net fan... Jut en Jul ha wer ris spul! (*Gerrit en Stien sjogge inoar oan en draaien dan harren hollen wer ôf*)

PETER: Is it wer safier? Wat is der no wer gebeurd?

STIEN: Neat! Dat is it him krekt. Der is hielendal neat gebeurd. (*bits tsjin Gerrit*) Gebeurde der mar ris wat!

PETER: No, dêr wurd ik neat wizer fan...

STIEN: Ik giet dy ek hielendal neat oan. Hâld do dy no mar mei dyn sinneblommen dwaande... Dat geseur ek altyd!

GERRIT: (*tsjin Stien*) Neat oan, hin, as der ien is dy't dy kontinu oan 'e kop sit te seuren... Witst foar de feroaring ris hoe't ik my altyd fiell!

STIEN: Och, do... Do hast ek altyd wol wat! Man, hâld toch op. Do hast yn dyn libben noch noait wat sinnichs dien!

GERRIT: Kin ik der wat oan dwaan dat ik in swak gestel ha! Ik mei fan dokter net te hurd wurkje...

STIEN: No, fan arbeidzjen is oars noch noait ien stoarn!

PETER: (*laitsjend tsjin Harma*) Moatst ris hearre... Se prate wer mei elkoar!

HARMA: Jo broer fielt him no ienkear wat faker ellindich, mar dêrom hoege jo toch net...

STIEN: (*ûnderbrekt har*) Ellindich? Hâld toch op... It is gewoan in oansteller, neat mear en neat minder! Mar ik sil my wol wer stilhâlde... It is hjir ek altyd itselde! Tsjonge jonge... (*lik rjochts ôf*)

PETER: (*synysk*) No, dêr kinne wy it dan wer mei dwaan!

GERRIT: Och, sa hat se altyd al west. Dat feroarest net mear... 'Alde bokken hawwe stive hoarnen', sei ús pake altyd!

HARMA: (*Peter en Harma sjogge inoar even oan*) Goed... Wy sille jo earst even oare klean oandwaan, foardat de besite der is. Wa komt der eins?

GERRIT: (*suchtsjend*) Martha Soer!

HARMA: De suster fan jo sweager?

GERRIT: Ja, en har soon komt fansels ek. Dy kin net allinnich thúsbliuwe. Dat is echt in memmepopke!

PETER: Och, heden... Sa'n koediekoediekoedie mantsje?! (*laket*)

GERRIT: (*laket*) Presys! Dy jonge is ek sa dom as it achterein fan in ko! En dy Martha Soertût is ek in freeslik mins en tige gjirrich!

HARMA: Ik bin benijd hoe't dy Hilbrand derút sjocht. (*laket*) Wa wit is it wol in man foar my!

GERRIT: (*laket*) Och, Harma toch... It idee allinnich al. Yn Hilbrand sit gjin frouljusbloed, nim dat mar fan my oan! Boppedat is er sa dom as oalje!

HARMA: Wy sjogge it wol... Kom Kremer, wy sille jo earst even wat opknappe. Foardat wy der erch yn ha, stiet de besite op 'e stoepe!

GERRIT: No, fuort dan mar... om'tsto it sa graach wolst. Mar ik bin wol hiel wurch, hear. En ik ha wat lêst fan de ankels en myn kiel is ek wat gevoelich... (*krimmenearjend en kucheljend ôf mei Harma*)

PETER: (*laket*) Tsjonge noch ta, wat is it ek in oansteller. (*mobylytsje giet*) Hoi Rosa... (*sjocht even achter de rjochter doar*) Ja, ik bin by de buorlju... Ja, lakeast dy slop... Komt goed... Nee, se witte noch fan neat... Och, sit der mar net oer yn. It is toch foar in goed doel?! Komst aanst hjirhinne? Goed... Mar witst it echt hiel seker? (*laket*) Ja, ja, ik spylje wol mei... Goed, dan sjoch ik dy aanst wol ferskinen. (*leven by de doar en Peter ferstoppet gau syn telefoan*) Wa hie dat no tocht... (*laket*)

STIEN: (*rjochts op*) It giet mei stinnen en krimmenearjen, mar Gerrit hat de kreaze klean oan... Wat is it ek in miger, wurdst der gek fan...

PETER: (*sjocht ta it rút út*) Der komt ek in auto oan, buorfrou!

STIEN: *(sjocht ek ta it rút út)* No, dêr silst se ha... Ik miende dat se mei de taksy komme soene! Ferhip... Der is in fanke by... It sil toch net wier wêze?

PETER: Wa is dat dan?

STIEN: Ik soe it net witte, mar se hat Hilbrand by de hân, dat ik nim oan dat er in freondin hat! *(laket)* De wûnders binne de weareld noch net út! Se is grif net al te snoad, dat kinst sa wol sjen!

HARMA: *(rjochts op)* Hearde ik no in auto oankommen?

STIEN: Ja, se binne der en der is in frjemd fanke by! Neffens my hat Hilbrand in skarreltsje.

HARMA: No, dat is toch moai foar him? *(synysk)* En sneu foar my... *(laket)*

PETER: *(sjocht ta it rút út)* No, ast him sa sjochst, meist bliid wêze dat der ien oan him hingjen bleaun is... Wat in figuer!

STIEN: Ik hie noait tocht dat Hilbrand it yn him hawwe soe... Mar ús mem sei altyd 'Der is gjin pot sa bryk as der past in lid op'. *(allegear laitsje. Doarbel giet)*

HARMA: Sil ik even nei de doar?

STIEN: Graach, Harma! *(Harma links ôf)* It sil my benije wat dy Soertût allegear te melden hat.

HARMA: *(links op)* Kom mar fierder, hear... *(Martha, Hilbrand en Alie hawwe elk in reistas by harren, Hilbrand hat in buordsje dêr't "Nei tante Stien ta" op stiet)*

MARTHA: *(noartsk type, âlderwetsk en deeglik klaaid)* Sa, dêr binne wy dan!

HILBRAND: *(âlderwetsk en deeglik klaaid, te koarte broeksboksen, sandalen en sa. Dom kapsel en praat typysk)* Ja, dêr binne wy dan, dus...

MARTHA: *(suchtsjend)* Dat sei ik krekt!

HILBRAND: *(laket typysk)* Ja, dat sei mem al, no, Alie?!

ALIE: *(sjocht der ek hiel ûnnoazel út, hiel ferlegen)* Ja, leave! *(Harma en Peter sjogge inoar even ferbaasd oan)*

STIEN: Ik miende dat jim mei in taksy komme soene!

MARTHA: Dat soe ek, mar dat is ferhipte djoer en de bus ek!

HILBRAND: Dy leave Alie fan my hie in better idee, hin Alie?

ALIE: Ja, leave...

HILBRAND: Liftsje, dus...

STIEN: (*ferbaasd*) Liftsje?

MARTHA: Ja, dat is ommers fergees! Wy stiene fan 'e moarn al om sân oere by de dyk.

STIEN: Al om sân oere?

HILBRAND: Ja, wol spannend hear, dus...

STIEN: Mar jim wenje noch gjin trije kilometer by ús wei! Jim hiene ommers wol fytse kinnen!

MARTHA: Dat hie kinnen, mar myn Hilbrand is troch syn astma al gau koartamich en syn koarte poatsjes binne it fytsen ek net wend.

ALIE: En ik woe ek net by him op 'e bagaazjedrager sitte te hobbelen, hin Hilbrand! (*ûnnoazel laket*)

HILBRAND: (*laket*) Nee, better fan net, no leave...

HARMA: (*synysk*) En moasten jim lang op in auto wachtsje?

HILBRAND: Nee, hear... Dat foel wol wat ta! Buorman seach ús stean en gie toch dy kant út... Wat in gelok, hin?!

ALIE: Wy hiene de broadsjes noch net iens op, no Hilbrand?

HILBRAND: Nee, mar dy bewarje wy wol foar de weromreis, sei memmy! (*doarbel*)

PETER: Ik gean oars no wol even nei de doar, hear buorfrou.

STIEN: Dat is goed, Peter. (*Peter links ôf*)

MARTHA: (*tsjin Harma*) Wa bisto, as ik freegje mei?

HARMA: Ik bin Harma. Ik doch it húshâlden foar frou Slijkstra en ik help har even mei har elastiken hoazzen.

MARTHA: (*ferbaasd tsjin Stien*) Watte... hasto in húshâldster? Wat kostet dat wol net?

STIEN: (*synysk*) Jild! Wat oars?! (*suchtet*) Mar gean no earst mar ris sitten. Wêrom binne jim hjir en wêrom ha jim dy tassen by jim!

HILBRAND: Dêr sit ús útfanhuzersguod yn!

STIEN: Utfanhuzersguod?

MARTHA: Ja fansels... Wy komme in pear nachten útfanhûs, oars kin it net út foar ús!

STIEN: Och mins, do wennest hjir ommers flakby en bist hjir fergees kommen!

MARTHA: Ja, no en? In mins moat der ek ris even út, of net?!

HILBRAND: Ja en mem sei dat it hjir fergees is, dus...

ALIE: En ik woe ek graach mei, no Hilbrand?! (*Hilbrand en Alie gean tegearre op 'e bank sitten*)

MARTHA: Is Gerrit der net?

HARMA: Dy is him spesjaal foar jo oan it omklaaien!

MARTHA: Ja, ja... dat sil wol!

PETER: (*links op mei Rosa*) Kom mar fierder, Rosa...

ROSA: (*sweverich, alternatyf type*) Goemoarn.

STIEN: (*ferbaasd*) Rosa? Ast foar myn hoazzen komst, bist wol wat oan 'e lette kant!

ROSA: Goeie frou Slijkstra. Ik kom dizze kear net foar jo, mar foar Peter.

STIEN: (*ferbaasd*) Komsto foar Peter?

PETER: Rosa is myn freondinne!

STIEN: Dyn freondinne? Ik fal fan 'e iene ferbazing yn 'e oare... (*tsjin Peter*) Dêr wit ik neat fan... Ik miende datst wat mei de dochter fan bakker Feenstra hiest?!

PETER: Dat sizze jo goed, buorfrou... Hie! (*knypeagjend nei Rosa*) Rosa is myn nije flam!

STIEN: Dyn hûs is ek in kommen en gean... It is krekt in wespenêst! Man, man, mei al dy sykten fan tsjinwurdich kinst der mar better om tinke, aanst hast wat besmetliks ûnder de lea...

HARMA: (*ûnderbrekt har*) Dat kin er sels wol ynskatte, frou Slijkstra!

STIEN: Ik hie it net tsjin him... Mar tsjin Rosa!

HARMA: It giet ús ek hielendal neat oan... Ik sil ris sjen oft jo broer al klear is. Sille wy even yn 'e keuken kofjedrinke, Peter? Dan kin de famylje yn alle rêst even byprate! (*Harma pakt in tas*)

PETER: Is goed. Sil ik jo even helpe mei de tassen?

HARMA: Graach! (*giet rjochts ôf, Rosa sjocht frjemd om har hinne*)

PETER: Giest mei, Rosa? (*Rosa hâldt de hannen yn 'e loft*) Rosa?

ROSA: Ik fiel in hiele soad enerzjy yn dizze romte! (*leit har hannen*)

op 'e grûn) Ik fiel allegear strieling fanút 'e grûn. Der sille hjir bysûndere dingen barre! (*Peter en Rosa gean rjochts ôf*)

MARTHA: Wat wie dat no wer? Hat dy se wol allegear op in rychje?

STIEN: Is in aparten, wat ik dy sis! Ik bin benijd hoe lang oft Peter it mei har úthâldt! No ja, wy dogge earst mar in bakje kofje en dan hawwe wy it der even oer hoe lang 't jim hjir bliuwe! (*allen gean sitten*)

MARTHA: (*fleurich*) Ja, dat is goed... Ik ha sa nei dizze dagen útsjoen, Stien... Do hast altyd myn favorite skoansuster west!

STIEN: (*ferbaasd*) Dat koe ek net oars... Do hast allinnich in broer! Och, Alie... Wolsto even kofje ynjitte?

ALIE: Ja, hear... (*skinkt yn elk kopke in bytsje kofje*)

MARTHA: (*sjocht yn har kopke*) No, hoechst net sa sunich te wêzen, hear! Wy binne no net thús! It is hjir fergees! (*Stien yrritearre, se drinke harren kofje op*)

GERRIT: (*rjochts op, suchtsjend*) Moarn! (*Martha nimt in slok kofje en sjocht wat fiis*)

HILBRAND: Goemoarn, Kremer! Alles goed mei jo?

GERRIT: Och, wat sil ik sizze...

MARTHA: De kofje is wol wat oan de sloppe kant, hear... (*Stien draait mei har eagen*) Wat skeelt der oan, Gerrit?

STIEN: (*yrritearre*) Neat! Der skeelt him neat. Dat geëamel altyd!

GERRIT: (*bits*) Och, bemuoi dy der net mei, stik segryn!

MARTHA: (*laket*) Ik hear it al, der is hjir noch net folle feroare!

GERRIT: (*koartôf tsjin Martha*) Wat moatst hjir?

HILBRAND: Wy komme hjir in pear dagen útfanhûs, dus...

GERRIT: Watte? Jim komme hjir útfanhûs? (*knikke allegear fan ja*) Wêrom?

MARTHA: (*bits*) Gewoan, omdat it kin!

ALIE: (*rint nei Gerrit*) Wolle jo ek kofje, menear?

GERRIT: (*sjocht har ferbaasd oan*) Ja, fansels... Ik bin net siik! (*hoastjend, Stien sjocht him ferbaasd oan*) Wa bisto eins?

ALIE: (*skinkt de kofje yn*) Ik bin Alie!

GERRIT: En wat docht Alie hjir?

ALIE: (*ûnnoazel*) Kofje ynjitte...

HILBRAND: Alie is myn freondintsje, dus... (*Hilbrand laket ûnnoazel, Alie ferlegen*)

GERRIT: (*ferslokt him*) Dyn wat? Dyn freondinne? Hasto ferkearing, Hilbrand? (*laket*) Hoe hast dat foarinoar krigen?

HILBRAND: Wy hawwe inoar kennen leard op 'e (*ferkeard útsprekke*) jeulles de boellesbaan, No Alie?!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



info@toneeluitgeverijvink.nl



072 5112407



“Samenspelen” is ons motto